

PARSEBERJOCHT – Programma-ynformaasje Fryslân DOK

9 febrewaris 2016

Reade Skries

Fryslân DOK op snein 21 febrewaris

De komposysje ‘Reade Skries’ ûntstie yn 2007 yn Mauritanië, doe’t in deuntsje wer wat libben yn in sike fûgel brocht. Komponist Sytze Pruikma en trekfûgelekolooch Theunis Piersma fûnen doe in reade skries dy’t neat hawwe woe. Doe’t Pruikma op in kalimba spile, in lyts tommeharpke, woe de fûgel wer drinke. Ut it deuntsje ûntstie de komposysje Birds & Brass.

Pruikma makket him soargen oer de ferskraling fan it Fryske lânskip troch de yntinsive melkfeehâlderij. Hy sjocht dat de skries, in typyske boerelânfûgel, it dreech hat. Yn tweintich jier tiid is it tal briedende pearkes yn Súdwest-Fryslân mei mear as 100.000 weromrûn. Ferlies fan fûgels betsjut ferlies fan kultuer, want wat binne wy sûnder fûgellûden yn in blomryk lânskip? Is der in relaasje tusken de ferskraling fan it kultuerlânskip en de muzykkultuer?

Doe’t Pruikma op syk wie nei in pilot foar syn ‘Birds & Brass’-projekt kaam de Federatie van Opsterlandse Muziekverenigingen (FOM) op syn paad. Dy woe krekt de HaFaBra-kultuer, dy’t sterk woartele is yn Fryslân, mear ûnder de oandacht bringe. Dêrmei moat de tebekrinnende yntream fan jonge muzikanten keard wurde, no’t der flink besunige wurdt op muzykûnderwiis op skoallen. It resultaat: ein jannewaris hawwe njoggen harmony-orkesten en brassbands út it Fryske Opsterlân ‘Birds & Brass’ útfierd.

‘Birds & Brass’ is in ûnderdiel fan it projekt ‘Kening fan ‘e Greide’. Boeren, wittenskippers en keunstners geane dêryn de ferskraling fan it lân tsjin mei as doel it werombringen fan de skries. ‘Kening fan ‘e Greide’ is ûnderdiel fan Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018.

Fryslân DOK: Reade Skries

Snein 21 febrewaris om 17.00 oere en dêrnei fan 18.10 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 20 febrewaris om 15.30 oere en snein 21 febrewaris om 13.00 oere op NPO 2.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

PERSBERICHT – Programma-informatie Fryslân DOK

9 februari 2016

Reade Skries

Fryslân DOK op zondag 21 februari

De compositie ‘Reade Skries’ (Rosse Grutto) ontstond in 2007 in Mauritanië, toen een deuntje weer wat leven in een zieke vogel bracht. Componist Sytze Pruikma en trekvoegecoloog Theunis Piersma vonden toen een zieke rosse grutto die niets meer wilde innemen. Toen Pruikma op een kalimba speelde, een klein duimharpje, wilde de vogel weer drinken. Uit het deuntje ontstond de compositie ‘Birds & Brass’.

Pruikma maakt zich zorgen over de verschraling van het Friese landschap door de intensieve melkveehouderij. Hij ziet dat de grutto, een typische boerenlandvogel, het moeilijk heeft. In twintig jaar tijd is het aantal broedende paartjes in Súdwest-Fryslân met meer dan 100.000 afgenomen. Verlies van vogels betekent verlies van cultuur, want wat zijn wij zonder vogelgeluiden in een bloemrijk landschap? Is er een relatie tussen de verschraling van het cultuurlandschap en de muziekcultuur?

Toen Pruikma op zoek was naar een pilot voor zijn ‘Birds & Brass’-project kwam de Federatie van Opsterlandse Muziekverenigingen (FOM) op zijn pad. Die wilde juist de HaFaBra-cultuur, die sterk geworteld is in Fryslân, meer onder de aandacht brengen. Daarmee moet de afnemende instroom van jonge muzikanten tegengegaan worden, nu er flink bezuinigd wordt op muziekonderwijs op scholen. Het resultaat: eind januari hebben negen harmonie-orkesten en brassbands uit het Friese Opsterland ‘Birds & Brass’ uitgevoerd.

‘Birds & Brass’ is een onderdeel van het project ‘Kening fan ‘e Greide’. Boeren, wetenschappers en kunstenaars gaan hierin de verschraling van het land tegen met als doel het terugbrengen van de grutto. ‘Kening fan ‘e Greide’ is onderdeel van Leeuwarden Culturele Hoofdstad 2018.

Fryslân DOK: Reade Skries (Rosse Grutto)

Zondag 21 februari om 17.00 uur en daarna vanaf 18.10 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 20 februari om 15.30 uur en zondag 21 februari om 13.00 uur op NPO 2.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.